

# FUORT MAR LOS

SPILET

## WÊS MAR NET BANG YN 'T TSJUSTER

FREED 16 [19.00 OERE] & SNEON 17 MAART [20.00 OERE] 2012  
YN NOFLIK EASTEREIN

### SPIILERS

|                 |                 |                  |
|-----------------|-----------------|------------------|
| ANNEKE ZIJLSTRA | BEREND SANTEMA  | GABRIELE BOUMA   |
| IEDA DE BOER    | KARIN SJAARDA   | LOLKE BOUMA      |
| MATTIE DIJKSTRA | MEILE KUIPER    | RIGT BERGSMA     |
| SIFRA OKKEMA    | SJOERD ZIJLSTRA | SJOUKE SCHILSTRA |

### REZJY

BOUDEWIJN KRAMER

PRESINTAASJE: BAUKJE DE JONG & THEO JELSMA; LÛD: THEO DE JONG; GRIME: COCKY SIDERIUS & YKE LANTING; YNSTEKSTER: RIA DIJKSTRA; LJOCHT: PAUL DE BRUIN; DEKOR: GERLOF DIJKSTRA & THOM VELDMAN; FOTOGRAFY: MICK DE BRUIN

# KOMYSKE SKRILLER

MEI WÛNDERLIKE MINSKEN EN GEHEIMSINNICHE FOARFALLEN. IT KLAMME SWIT STIET JE BETIDEN YN'E HANNEN EN DE GRIZE GIET JE OER DE GROUWE. IT FERHAEL SPILET HIM ÔF YN IT FERFALLEN SPOEKHÛS FAN SEBASTIAAN SLEIJ. HY HAT IN STIKMENNICH SKRILLERS SKREAUN, MAR IS NOAIT TROCHBRUTSEN BY IT GRUTTE PUBLYK. HY LIBBET AL JIERREN YN ÔFSUNDERING MEI SYN PERSONIEL. FAN DE BUTLER KRIJE JE IT PIKEFEL, DE HÛSHÂLDSTER SJOCHT DWERS TROCH JE HINNE EN SYN SEKRETARESSE IS IN GRIIS MÛSKE. EK WENNET DER IN ÂLD AKTRISE, BEKEND OM HAR YSELIKE SKREAUWEN. OP IN DEI FERSKINE TWA FIERE FAMYLJELEDEN. SY HA BERJOCHT KRIGEN FAN IT FERSTJERREN FAN SEBASTIAAN EN KOMME FOAR IT TESTAMINT. EK SILVIA DE VRIJ, DE TOANIELKRITIKA EN IN MISLIK MINSKE KOMT. EN DE KNIPER? HY IS SA STERK AS IN HYNDER EN GEFAARLIK. GENIETSJE EN ... WÊS MAR NET BANG YN 'T TSJUSTER!

### KAARTEN & VRIJKAARTEN

DE ENTREE IS € 7,50 FOAR FOLWOEKSENEN EN € 3,00 FOAR BERN. OP FREED IS DE KASSA IEPEN FANÔF 18.30 OERE; OP SNEON FANÔF 19.30 OERE. ELTS DY'T GEBRÛK MAKKET FAN DE AUTOMATYSKE OERSKRIUWING [€ 7,50 = 1 FRIJKAART EN € 12,50 = 2 FRIJKAARTEN] KIN SYN FRIJKAARTEN ÔFHELJE FANÔF IN HEAL OERE FOAR IT BEGJIN FAN DE FOARSTELLING.

Parseberjocht

Easterein, 20 febrewaris 2012

---

### Fuort mar los spilet *Wês mar net bang yn 't tsjuster*

Op freed 16 maart en sneon 17 maart spilet toanielselskip *Fuort mar los* út Easterein de komyske skriller *Wês mar net bang yn 't tsjuster* yn de toanielseal fan *Noflik Easterein*. As jo fan in geheimsinnige en gekke skriller hâlde, meie jo dit stik net misse.

De skriller *Wês mar net bang yn 't tsjuster* is in stik mei wûnderlike minsken en geheimsinnige foarfallen. It klamme swit stiet je betiden yn'e hannen en de grize giet je oer de grouwe. It ferhaal spilet him ôf yn it ferfallen spoekhûs fan Sebastiaan Sleij. Hy hat in stikmannich skrillers skreaun, mar is nea trochbrutsen by it grutte publyk. Hy libbet al jierren yn ôfsûndering mei syn personiel. Fan de butler krije je it pikefel, de hûshâldster sjocht dwers troch je hinne en syn sekretaresse is in griis mûske. Ek wennet der in âld aktrise, bekend om har iselike skreauwen. Op in dei ferskine twa fiere famyljeleden. Sy ha berjocht krigen fan it ferstjerren fan Sebastiaan en komme foar it testamint. Ek Silvia de Vrij, de toanielkritika, in mislik minske en de grutste fijân fan Sebastiaan komt. En de Kniper? Hy is sa sterk as in hynder en gefaarlik. Plysje De Graaf moat him oppakke, mar spitich genôch is hy net sa snugger. It stik hat in ûnferwacht ein en it publyk sil alhiel ferbjistere stean. Genietsje en ... wês mar net bang yn 't tsjuster!

De spilers fan *Fuort mar los* en regisseur Boudewijn Kramer hawwe der sin oan en op sneontejûn stiet it ûntfangstkomitee foar jim klear!

Wannear: freed 16 maart [19.00 oere] en sneon 17 maart [20.00 oere]

Wêr: Noflik Easterein, Sibadawei 2 Easterein

Tagongspriis: € 7, 50

Iepeningstiden kassa: freed fan ôf 18.30 oere en sneon fan ôf 19.30 oere

---

Noot voor de redactie niet voor publicatie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met:

**Tjerk Okkema**

email: [tjerk@okkema.nl](mailto:tjerk@okkema.nl)

telefoon: 0651834346.

